

*Lês earst de tekst goed troch. Beantwurdzje dêrnei de fragen en wurkje de opdrachten út.*

## Tekst 1 Rottweilers

- 1 Yn de bibleteek fan myn âlde legere skoalle stie in boek dat ik as jonkje fan tsien mear as ien kear lêzen haw. ‘Meester Vrijbouter’ hjitte it. It gie oer in frijwat ûnottedokse skoalmaster, mar freegje my fierder net oer it hoe en wat. Der is my eins mar ien detail bybleaun fan it boek: de haadfiguer hie as húsdier in nuete liuw.
- 2 Dat like my as bern ek wol wat ta. It moast dochs as bern in machtich gefoel jaan om baas te wêzen fan sa’n grut en sterk bist as in liuw. Dat hy kaam as jo fluiten en dat er in poatsje joech as jo him derom fregen. En as jo dan in freontsje hienen dat jo wat levere hie, dan gongen jo efkes mei de liuw by him del en dan seinen jo: Wat woest no eins. Ik haw der as bern hiel wat oer fantasearre en ik naam my foar om as ik grut wie in liuw te nimmen.
- 3 Dat is him net wurden. It is bleaun by in kat en dêr bin ik ek hiel tefreden mei. It is in leaf bist, in bytsje eigenwiis mar o sa oanhinklik en húslík. Bytiden hat it der mear fan dat wy by him yn ’e hûs wenje as oarsom.
- 4 Winliken is it apart dat de kat him ûntjûn hat ta in echt húsdier en in minskefreon. Yn it wyld is in kat in solitêr libjend bist, dat him net hechtet oan soartgenoaten. Hy libbet hiel oars as in hûn. Dy libbet yn it wyld yn groepsferbân en eltse hûn wit syn plak yn sa’n roedel. Dêrom is de hûn fan natuere geskikt as húsdier. It gesin is syn roedel dêr’t er syn eigen plakje yn hat.
- 5 In bist dat ek yn groepsferbân libbet, is de liuw. Yn de natuer libje dominante mantsjes mei in stikmannich wyfkes en keppels jongen fan ferskillende leeftiden as húshâldinkjes mei elkoar. Yn sa’n húshâlding hat elts bist syn eigen plak. Dat allinnich al makket de liuw geskikt as húsdier.
- 6 Mar ek syn aard makket him dat. Liuwen skine tige oanhinklike, yntelliginte en sels sêftmoedige bisten te wêzen dy’t har maklik oan de minsken hechtsje. Koart sein: de liuw soe in ideaal húsdier wêze.
- 7 Safier is it net kaam. De liuw mei noch safolle goede eigenskippen hawwe, de minske hat him der nea oan weage him te domestisearjen. De reden leit fansels foar de hân. In liuw is te sterk en hy hat in te grutte bek. It is te riskant om sa’n bist yn ’e hûs te hawwen.
- 8 Elts bist komt wolris yn in sitewaasje dat er efkes fan him ôfbyt. As ik ús poeky per ûngelok op syn poat stap as er my foar de fuotten rint, dan set er my de nagels efkes yn de bokse. Mei in liuw yn ’e hûs soe soks minder ôfrinne. Hoe grutter en sterker in bist is, hoe grutter ommers ek de skea.
- 9 Wat foar skea in grut en sterk bist oanrjochtsje kin, lit de rottweiler sjen. Geregeldwei ferskine der yn de parse berjochten oer rottweilers dy’t oare bisten en bern slim biten hawwe.
- 10 Alle jierren wurde der yn ús lân 12.000 minsken troch in hûn biten. Meastal ek noch troch har eigen bist. Yn ien op de fiif gefallen is in rottweiler de dieder. Betsjut dat no dat de rottweiler in agressivere hûn is as oare hûnen? It regear tinkt fan wol en hat plannen foar in agressytest. Sakket in hûn foar dy test dan mei der net mei fokt wurde.
- 11 Rottweilerbazen sjogge neat yn sa’n test en ik jou se gelyk. As sa’n baas my fertelt dat in rottweiler in oanhinklik, yntelligint en yn wêzen sêftaardich bist is dat him geweldich oan de minske hechtet, dan bin ik fuortendaliks ree dat fan him oan te nimmen. Agressyf of net agressyf, dat is nammentlik de fraach net. It probleem mei de rottweiler is gewoan dat er sa’n grutte en sterke bek hat.
- 12 Elts bist byt wolris. Ek in rottweiler. Miskien bite pekinezen en dwerchpinchers wol faker as in rottweiler en miskien binne se ek wol agressiver, mar om’t se it formaat fan ús kat hawwe, falt de skea meastal wol ta en helje se de statistiken net. As in rottweiler byt, is it fuortendaliks mis. Dat komt fan dy grutte bek. Hy hat in bek as in liuw. Troch dy bek is de rottweiler like min geskikt as húsdier as in liuw.
- 13 Om my hoege echt net fuortendaliks alle rottweilers Rendac-ryp makke te wurden. Lit de tiid it probleem mar oplosse. Om my meie alle rottweilers dy’t der no binne en dy’t harren gedrage, yn frede âld wurde en stjerre. Mar as der fan dit momint ôf net mear bykomme, dan binne wy der oer tsien jier ôf. Ik haw myn liuw nea krigen. Foar in rottweilerbaas moat der ek te libjen wêze mei in stabij.

*Leeuwarder Courant, 18 augustus 2001, Sytze Singelsma*

## ■ Tekst 2 Simmerske lûden oer Fryske sporten

- 1 By in Simmerjûndebat fan de redaksjes fan de Ljouwerter Krante en Omrop Fryslân gie it okkerdeis oer de stelling: 'Friese sporten zijn geen echte sporten!' No moat in stelling fansels ta diskusje útnoegje, mar dat is yn dit gefal lestich, omdat de redaksjes twa alhiel ferskillende grutheden foarinoar oer sette.
- 2 5 De redaksjes kreëarje in tsjinstelling tusken 'Fryske sporten' en 'echte sporten'. By de earsten spylje 'folklore en regionale sentimenten' in grutte rol, by de twadden giet it om (werklik) 'spannende competitiesporten', foar it keatsperk en de fierljepskâns is 'het plaatselijke trapveldje' it perspektyf, de echte sporten spylje har ôf yn de 'Olympische arena', sa is de taljochting op de stelling.
- 3 10 Lit ús neist de neamde trije Fryske sporten – Frysk damjen, fierljeppen en keatsen (wêr binne oars de Alvestêdetocht en it skûtsjesilen?) – ris trije 'echte' sporten sette: boksen, fuotbaljen en (it út it keatsen ûntstiene) tennisjen. Hoewol't de trije Fryske sporten yn mear as ien opsicht net samar oer ien kaam skeard wurde kinne – sa is it regionale karakter fan damjen (tinksport) en fierljeppen (lichemssport) folle sterker as fan keatsen (ek 15 lichemssport), dat yn sa'n 50 lannen troch mei-inoar inkelde miljoenen spilers beëfene wurdt, mar by it ûntbrekken fan mienskiplike, oer de hiele wrâld jildende spulregels dochs net in 'echte' ynternasjonale sport is – likegoed behannelje wy se hjirre foar it gemak mar as in ienheid.
- 4 Der is tusken beide trijetallen in oantal essinsjele ferskillen, dy't alderearst te krijen 20 hawwe mei de graad fan profesjonalisearring: lege – hege treningsyntinsiviteit, regionaal – ynternasjonaal karakter en lege – hege fergoeding. Dy ferskillen binne net samar ta stân kommen. Wy soene stelle kinne dat elke sport op grûn fan spultechnyske eigenskippen, mar ek op basis fan sosjale, ekonomyske en kulturele faktoaren it plak krigen hat dat er 'fertsjinnet'. Dat plak leit oars net fêst: sa is it fuotbaljen yn inkelde tsientallen jierren 25 útgroeid fan elite- ta folkssport by útstek.
- 5 De 'echte' sporten binne yn ferskate opsichten oantreklik, lit dêr foaral gjin misferstân oer bestean. Dat jildt bygelyks foar it nivo fan beëfening (dat ek binnen de profsporten noch hieltiten tanimt), mei as plezierich gefolch dat de taskôgers fan faak attraktyf spul genietsje kinne, it jildt foar de beëfeners (foar de bêsten bestiet de beleaning út bergen 30 jild en ynternasjonale rom) en it jildt foar de sponsors (dy't der – as se ek mar in bytsje by de tiid binne – materieel én ymmaterieel better fan wurde).
- 6 By de Fryske sporten leit dat fansels yn in grut tal opsichten oars, mar binne se dêrom minder? Ik soe in fuotbalwedstriid op nivo, lit ús sizze Real Madrid tsjin Bayer Leverkusen, net graach misse wolle, mar dat is net minder wier foar in knappe finale tusken Pieter van 35 Tuinen-André Kuipers-Chris Wassenaar tsjin bygelyks Simon Minnesma-Kor Zitteema-Teake Triemstra. Better is der ommers op it 'plaatselijk trapveldje' net. Om noch eefkes by it my dierbere keatsen te bliuwen: Wat jout it ek in freugde om it spultsje sels te spyljen, de altiten wer nije sensaasje dat troch in perfekte gearwurking fan hert, hân en holle de bal komt dêr't men him hawwe wol.
- 7 40 Mar it giet om folle mear. De reis oer bochtsjende binnendykjes nei Makkum of tusken de bloeiende ierappelfjilden troch nei Berltsum, de simmer om jin hinne en de sinne op 'e hûd, de lûden fan merke en muzyk, it praat mei him en mei har, it meifielen mei de ferliezer, de hân foar de winner, de neisit mei de maten, it ferslach de oare deis yn de krante en op 'e tillevyzje. En wa't dan noch net sêd is, kin terjochte yn boek en museum. Keatsen 45 en fierljeppen en damjen moatte dus krekt net it paad fan de grutte sporten op wolle (as dat al kinne soe), se moatte gebrûk meitsje fan har sterke punten en dy lizze yn it Fryske libben en yn de Fryske kultuer. Sa is der yn Fryslân alle romte foar de 'echte sporten' én foar de 'Fryske sporten'.

*Leeuwarder Courant, 31 maaie 2002, Pieter Breuker (keatshistoarikus)*

## Tekst 3 Stimulânsen om Frysk yn 'e rjochtseal te brûken strienedich

- 1 Wetlike behinderingen om it Frysk mûnling en skriftlik yn it rjochtsferkear te brûken binne sa goed as allegearre út 'e wei romme. Rjochters hawwe op Fryske kursus west. Meiwurkers fan de rjochtbank hawwe har talein op it Frysk. Wannear't in griffier it Frysk net behearsket, dan bestiet de mooglikheid om de sitting op te nimmen, sadat in kollega dy't
- 5 betûft is yn it Frysk it bantsje letter beharkje kin. It Iepenbier Ministearje is mei in Frysktalich boekje oer syn taken en wurksumheden kommen. Datselde Iepenbier Ministearje hat krektlyn noch in lyts boekje útjûn wêryn't de wichtichste juridyske begripen yn it Frysk oerset binne. En der wurdt in juridysk wurdboek Nederlânsk-Frysk presintearre. Allegearre positive ûntwikkelingen, mar ... it Frysk wurdt sawat net brûkt yn it
- 10 rjochtsferkear. As rjochtbankferslachjouwer kin ik sels konstatare dat fertochten yn strafsaken suver nea Frysk prate. Ut gegevens fan parserjochter Pieter Wijtsma docht bliken, dat it Frysk yn strafsaken skriftlik noait brûkt wurdt. By famyljesaken komt it Frysk skriftlik en mûnling mar sporadysk foar. Yn de hannelssektor prate en skriuwe advokaten nea Frysk. Op de sitting praat soms wolris ien fan de partijen Frysk, neffens Wijtsma. Yn de
- 15 bestjoerssektor, dêr't er sels yn wurket, bart it in inkelde kear dat in skriftlik stik yn it Frysk steld is. Dat is dan meastal dien troch de easker. Mûnling wurdt de Fryske taal mar komselden brûkt.
- 2 In belied om mûnling en skriftlik brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear werklik te befoarderjen ûntbrekt. It leit net echt foar de hân dat justysje – dêr't ik de rjochtbank,
- 20 kantongerjochten en Iepenbier Ministearje ûnder ferstean – it fuortsterkjen fan it Frysk as har taak sjocht. Dy wurdt der hieltyd mear op ôfreckene dat saken fluch en kwalitatyf goed ôfhannele wurde. Produksje en effisjinsje binne tsjintwurdich ek yn it 'justysjebedriuw' kaaiwurden. Ofgeande op de deistige praktyk fiert justysje, krekt as de grutte Fryske deiblêden, in taalfolgjend belied. Dat betsjut dat it inisjatyf ta it brûken fan it Frysk,
- 25 mûnling sawol as skriftlik, útgean moat fan de fertochte en de rjochtsiker. Taalfolgjend belied komt del op it bestindigjen fan de besteande taalsitewaasje mei in sterke taal (it Nederlânsk) en in swakke taal (it Frysk). De sterke taal wurdt sels noch fierder fersterke, omdat de swakke taal net in triuwke yn de rêch krijt en dêrtroch noch mear ferswakket. It Nederlânsk oerhearsket it Frysk op in sawat absolute wize. Fan âlds is it Nederlânsk de taal
- 30 fan it rjocht, de taal fan de justysjewrâld. De juridyske faktaal en it Nederlânsk binne ûnskiedber mei elkoar ferweve. Dat jildt likegoed foar de rjochters en ofsieren fan justysje dy't fan hûs út Frysktalich binne. Boppedat is har oantal mar tige lyts. Fertochten sille har yn har taalgebrûk rjochtsje op dyjingen dy't har lot yn hannen hawwe. Foar rjochtsikers yn bygelyks sivile en bestjoersrjochtprosedueres is it net folle oars. En as der dan dochs
- 35 minsken binne dy't yn rjochtsaken yn it Frysk begjinne, dan sil it meganisme om op it Nederlânsk oer te gean, noch folle earder en sterker wurkje as oars it gefal is.
- 3 Der is mar ien konklúzje mooglik: it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear moat stimulearre wurde. Oars sil it deagewoan net brûkt wurde. Dêrfoar is de taalmacht fan it Frysk op justisjeel gebiet fierstente swak. Stimulânsen om it Frysk ek werklik yn de
- 40 rjochtseal te brûken binne strienedich. Yn in struiblêd, dat yn de gerjochtsgebouwen yn Fryslân op in gaadlik plakje leit, kinne minsken wiisd wurde op har rjocht om har yn rjochtsaken fan it Frysk te betsjinjen. Dat boadskip kin ek ferkundige wurde op stickers yn de gerjochtsgebouwen en sels yn de rjochtsealen. Op dagingen yn strafsaken soe fermeld wurde kinne dat de fertochte op de sitting Frysk prate mei. It is boppedat mooglik dat
- 45 rjochters oan it begjin fan in saak fertochten, tsjûgen en saakkundigen meidiele dat se Frysk prate meie. As de rjochters it Frysk net sels behearskje, soene se der oan taheakje moatte dat se it wol prima fersteane. It wichtichste soe uteraard wêze dat rjochters en ofsieren fan justysje sels Frysk prate soene. De hjoeddeiske praktyk en it ferline wize út, dat fertochten en rjochtsikers it eigentlik allinne yn dat gefal oandoare om Frysk te praten. Mar it tal
- 50 Frysktaligen is, lykas sein, tige beheind. Der binne wol Nederlânsktalige rjochters dy't ynformeel tsjin my Frysk prate, mar it is dan in enoarme stap dat ek yn de rjochtseal te dwaan. Har skrutelens dat taalflaters har rjochterlik gesach oantaaste is begryplik.
- 4 Op it each kinne sommige fan de hjirboppe oantsjuten maatregels sa nommen wurde. It bart lykwols net. De trein stiet noch hieltyd stil. De grutte fraach is: wa kriget it gefaarte yn
- 55 beweging? It liket der net op dat justysje dat út himsels docht. Moat de polityk - provinsjaal en/of lanlik - útkomst jaan? Moat der in soarte fan oerienkomst tusken oerheid en justysje sluten wurde? Of moat der earst in alles omfiemjend belied komme dêr't yn oanjûn wurdt wat men mei it Frysk yn de hjoeddeistige moderne Fryske maatskippij wol? Is hjir ek in taak weilein foar de Fryske beweging om har krêftich te oppenearjen?

# Eindexamen Fries havo 2004-I

havovwo.nl

---

- 5 60 Der mei net te lang mei omfimele en omtiisd wurde. De tiid driuwt. As stimulanzen útbluwe om it Frysk werklik yn it rjochtsferkear te brûken, is de tiid dy't bestege is om de wet op dit mêd te ferromjen, fergriemd, hawwe de folge kursussen om 'e nocht west, binne de boekjes fan it Iepenbier Ministearje fuortsmitten jild en sil it nije juridyske wurdboek net brûkt yn de boekekast ferdwine.

*Leeuwarder Courant, 8 desimber 2001, Auke Piersma*